[0473] IEN EN OAR OER REONTSE LJEAFDE-GAL

Boppe syn 'Reontse Ljeafde-gal', it swiere, steatlike, sleau-floeijende fers, dêr't in jongfaem har wé oer it forrie fan de leaver yn útskriemt, sette Gysbert Japiks as wizeoantsjutting 'Periosta'. Hy forwiist dêrmei nei in fers dat P.C. Hooft al jierren lyn - om krekt to wêzen yn augustus 1605 - dichte hie: 'Periosta die met traege stroomen glyt' ... en wy hoege der net oan to twiveljen, dat er dit kend hat. Syn Ljeafde-gal is skreaun ûnder de ynfloed fan dit fers, sa't de barsang tusken Æmaryl in Gôris de ynfloed forriedt fan Hooft syn 'Ach Amarillis'; Gysberts ôfhinklikens is hjiryn sels greater, sa't wy witte. Dr. C. Kramer mient yn Reontse Ljeafde-gâl 16, 17, de rigels

> 'Reonts, eren, Reonts, dijn hert, dijn siel, dijn sin,
> Reonts litste, ljeaf, ijnn' wean fen freamde Min.'

it wjerlûd to fornimmen fan de lêste rigel fan Periosta:

> 'En ghij mijn Lief, mijn Licht, mijn Leven sijn.'[1]

Hoe moatte wy ús de gong fan saken nou sahwat yntinke? Soe de prinslike Hollânske sjonger syn fers, dat lichter fan toan is as Gysbert sines, ûnôfhinklik, los fan in bisteande meldij skreaun hawwe? Of hat it oars west? Is Hooft op syn bar neffens in biskate meldij towurkgien? As wy de útjefte Stoett-Leendertz[2] fan syn oeuvre neigeane, sjugge wy, dat de dichter by syn Periosta, al sette er der 'Sang' boppe, gjin meldijnamme opjown hat. Hwat dat oanbilanget, hawwe wy dus gjin mûglikheden om mear oan 'e weet to kommen.

Al hat Hooft dus miskien gjin meldij yn 'e holle hawn, dy't him in biskate foarm optwong, dochs hat de foarm fan Periosta net oarspronklik west. Hooft wie net de earste, dy't tsiensilbige rigels, gearfette yn strofen fan seis rigels, neffens it rymskema ababcc skreaun hat. Yn forbân mei syn Italjaenske reis fan 1598-1601 hat it eigenskip om oan Italjaenske ynfloed to tinken en der moat sein wurde, dat de "sestina" - yn de simpelste opfetting fan it wurd - yn 'e skriftekennisse fan it suden - dêr nammers as in kombinaesje fan "Alvelidders" - net ûnbikend wie; hja dûkt dêr al yn 'e fjirtjinde ieu op. Mar der is jit in oar lân dat yn dit stik fan saken omtinken fortsjinnet. Men kin nammentlik fêststelle, dat dy fersfoarm om 1600 hinne yn Ingelân tige populair west hat. Yn mear as ien Ingelske samling út dy snuorje tilt it op fan fersen mei in likenze bou.

Foar my leit in fersebondel út 1602: *Francis Davison's Poetical Rhapsody*[3]. Yn it foarste diel dêrfan komme trije fersen foar mei de 'Ljeafde-gal strofe', mar yn it twadde tel ik net minder as 27, dy't dy bou hawwe. Hwat it tal strofen oanbilanget is der ûnder dy fersen in great forskaet: de koartsten hawwe net mear as ien kûplet, mar der

is ek ien fan 20 strofen by. Fierder kin men fêststelle, dat hja net troch ien dichter skreaun binne, mar dat forskate dichters de doe grif jit nije foarm hantearre hawwe. In ûnbikendenien, dy't tekene mei de letters A.W. levere de measte, mar fierders treffe wy ek in T.W. (Thomas Watson, 1557-92) oan, in I.D. (miskien John Davies) en in R.G. (Robert Greene, 1558-92), mannen net fan de foarste rang, mar dochs gjin ûnbitsjuttende figuren. Hwat de ynhâld fan har skeppingen oangiet, kinne wy konstatearje, dat hja yn alle gefallen foar in great part leafdeklachten bifetsje. Fansels, der is ek in 'Hymn in praise of Music' by, ek ‘A panegyrick to my sovereign lord the King`, en in fers 'Upon his lady's buying strings for her lute’, mar yn 'e measte wurdt skriemd, suchte, wéklage, kroand. Nearne lykwols fine wy hjir meldijoantsjuttingen, dyt sjen litte kinne, dat dizze "sestinen" ornearre wiene foar de sang.

Fierder ûndersiik makket ringen dúdlik, dat wy der mei dy tritich fersen yn 'e Poetical Rhapsody noch lang net binne. Ek yn 'e oare "miscellanies", dy't út en troch yn Ingelân it ljocht seagen, komt de "leafdegalstrofe" foar: yn *England's Helicon*[4], in bondel út 1600, fine wy in 'Excellent Pastorall Dittie', bigjinnend mei de rigel: 'A Carefull Nimph With careless griefe supprest', dy't jin yn mear as ien ding oan Gysberts elegy tinke lit. Sahwat like lang - seis kûpletten - rint ek dizze dittie, de leafde-utering fan in nimf, oer fan bittere smert. It is yn dit forbân nuttich en bring de lêzer hjir de wurden yn 't sin, dy't Douwe Kalma yn syn *Gysbert Japiks; in stúdzje yn dichterskip,* Dokkum 1938 oan Reontse' sang wijd hat (s. 168). "Yn Reontse Ljeafde-gal, hâlden by Hoofts Periosta", sa seit Kalma, "is der allinne ûntliening op it stik fen strofebou en meldij, yn de ynhâld is neat oerienkomstichs. Opmerklik is det ... foar it lichte en hoopjende by Hooft oer, leed stiet en hjir in leed det hast ta wanhope wirdt". Wolnou, dy tragyske toan hat grif net it privileezje fan ús dichter west; yn forskate fan de Ingelske fersen, dy't ik hjir yn 't omtinken bring, fornimme wy deselde útskroeven smert, deselde deadsdrift, deselde pathétyske gjalpen. In minder swier aksint hat nammers wer in stik fan Thomas Deloney (1543?-1600), binammen bikend as skriuwer fan stoarjes, dyt in goed byld jowe fan it Ingelske folkslibben út syn tiid. Yn ien derfan, *The Gentle Craft*[5], fine wy in 'Curtizans song of Venice'. Op syn reizen bilannet de helt, Sir Hugh, yn Feneesje, it greate sintrom fan de prostitúsje yn Itaelje, sa't Florence in sintrom fan homofily[6] west skynd to hawwen, en dan krije wy de folgjende barsang to hearren:

The Curtizans song of Venice.

Ladies. Welcome to *Venice,* gentle courteous Knight,
Cast off care, and entertain content.
If any here be gracious in thy sight,
Do but request, and she shall soon content:
Loues wings are swift, then be not thou so slow;

Hugh. O that faire Winifred would once say so.
Ladies. Within my lap lay down thy comely head,
And let me stroke those golden locks of thine,

ensfh. Op it lêst - ein fjirde strofe - sjonge de ladies: "Nay stay Sir Knight, from hence thou shalt not go". En Hugh, tige ienkennich, anderet wer: "O that faire Winifred would once say so".

Yn Nicholas Breton's bondel *Bowre of delight,* dêr't mar ien eksemplaer fan biwarre is - hy kaem út yn 1593 - stiet in fers, dat net minder as 61 sokke strofen lang is, to witten 'Amoris lachrimae A most singular and sweet discourse of the life of S.P.S. knight', in elegy op 'e dea fan Sir Philip Sidney. Mar der steane jitte mear yn it tinne bondeltsje. Hyder Edward Rollins, dy't it boekje yn 1933 op 'e nij útjoech, stelt fêst: "... no less than twenty-three poems are in the six-line pentameter stanza, riming ababcc, familiar because of its adoption by Shakespeare for *Venus and Adonis*". Ek Shakespeare hat him dus fan dizze strofefoarm bitsjinne, wylst Robert Southwell (1565-1595) har brûkte foar syn *Saint Peter's Complaint,* in bondel, dy't nei de torjuchtstelling fan dizze Ingelske Jezuyt útkommen is. Wy meije dryst sizze, dat hja yn 'e let-16de ieuske Ingelske dichting in protte tapast waerd en men soe hast sizze, dat dit forskynsel min as mear unyk is; der binne my alteast yn oare lannen gjin parallellen fan bikend. Nammers al yn *Tottel's Miscellany*[7] fan 1557 steane in pear fersen, to witten 'Against an unstedfast woman' en 'Of the choice of a wife', dy't deselde foarm sjen litte.

Mochten wy nou leauwe wol sahwat in, it mei wêze uterst rûch, oersjuch to hawwen oer it foarkommen fan ús strofe yn de Ingelske skriftekennisse, dan hawwe wy de planke foargoed misslein. Oant nou ta ha wy allinne sneupt yn 'e litteraire boarnen en de rispinge wie net lyts. Mar as wy nou yn 'e musikologyske hoeke omsjugge, dan rûgelje de foarbylden ús yn 'e mjitte. Sa't men wit bilibbe Ingelân op 'e ein fan de 16de en yn it bigjin fan de 17de ieu in muzikale bloeitiid en de rom fan komponisten as John Dowland, William Byrd, John Wilbye, om in pear to neamen, biheinde him net ta harren bertelân. Mei great talint en raffinemint skreauwen hja har sjongstikken, dy't yn twa greate skiften fordield wurde moatte, nammentlik madrigalen en lútsangen. De earsten waerden mearstimmich songen sûnder akkompanjemint, wylst de "lute-songs" by de klanken fan de lute, de viola da gamba of oare ynstreminten ophelle waerden. In ûnderskie tusken beide groepen is fierder dat de echte madrigalen mar komselden by mear as ien kûplet skreaun waerden: "The true madrigal was seldom set to more then one stanza of poetry", wylst de lútmeldijen, ornaris "Airs" neamd, lieten wiene "with several stanzas of words, for each of which, as a general rule, the same music was repeated". Nou kin sein wurde, dat yn de sangen fan dat tiidrek swiid musyk him faek oan prachtige teksten

pearet: "the music added new beauty to the golden-vowelled lyrics, and intensified their meaning, so that Elizabethan music was indeed married to immortal verse". Forskate letterkundigen hawwe har op it sammeljen fan dy yn withoefolle bondels forsprate teksten útlein, mar pas yn ús dagen soe E.H. Fellowes yn syn *English Madrigal-verse 1588-1632* (Oxford[3] 1967), dêr't ús oanhalen oan ûntliend binne, de brede samling fan it biskikbere materiael jaen, dy't fordjipping yn dat swide tiidrek fan sang en poëzije mûglik makket. Yn dy samling tilt it op fan teksten, dy't èn hwat foarm èn hwat toan en thema oanbilangje ticht by Gysberts fers komme, al is fansels in folsleine ritmyske kongruïnsje útsletten. Wûnderlikerwize binne de measten anonym; mar yn inkelde gefallen is de namme fan in dichter bikend, of kinne de teksten mei mear of minder wissichheit dizze of jinge taskreaun wurde. As ien foarbyld ûnder gâns oare jow ik hjirre in fers, op 'e rûs keazen, wiet fan triennen, dûnker fan deadsdrift, sûmber suchtsjend (Fellowes, o.w., s. 580). It is út 'e bondel *Vltimum Vale* fan Robert Tones (1605):

Fly from the world, O fly, thou poor distrest,
Where thy diseased sense infects thy soul,
And where thy thoughts do multiply unrest,
Troubling with wishes what they straight control.
O world, o world, betrayer of the mind!
O thoughts, o thoughts, that guide us, being blind!

Come therefore, Care, conduct me to my end,
And steer this shipwrack carcase to the grave.
My sighs a strong and steadfast wind will lend,
Tears wet the sails, Repentance from rocks save.
Hail Death! hail Death! the land I do descry!
Strike sail! go, soul! rest follows them that die.

It summum fan "triennerigens" wurdt lykwols birikt yn in tekst út de bondel *Ayres To be sunge to ye Lute, and Base Vyole* fan George Handford út 1609 (Fellowes, o.w., s. 538):

Flow, flow, my tears, as floods and fountains flow,
Distil my soul out of my wat'ry eyes.
Weep, weep, my eyes, created ev'n for woe,
Let a full sea of trickling streams arise.
Since she hath turned our sweet to bitter sours,
Turne ye your April smiles to April showers.

Flow, flow, my tears, till all my veins ye strain,
Flow till your conduit pipes be quite drawn dry,
And being dried, gush out afresh again,
Till overwhelmed in waves of woe I lie,
That by too much of tears that flow along,
Mine eyes, washed out, may not behold their wrong.

Om nou wer op Periosta, ús bigjinpunt, to kommen: soe men yn it ljocht fan niisneamde feiten net sizze, dat Hooft it ûnder Ingelske ynfloed skreaun hat, al is it net sa aeklike sûmber as ús foarbylden fan niis? It is fansels net útsletten dat al earder fersen fan dit type yn 'e Hollânske skriftekennisse foarkamen en dat er dy neifolge hat, mar ik wol it hast net leauwe. Lettere stalen forwize lykwols allegearre nei Periosta. Stoett (o.w. s. 410) forwiist nei Krul, *Minnelycke Sangh-Rympies*, bl. 34 en 100; Stalpaert, *Gvlde-Jaers Feest-Dagen* (1635), bl. 784, *Amsteld. Minnebeeckje II,* bl. 55 en 162 èn nei ús Gysbert, *Rymlerije* ed. 1821, bl. 15. Jansen neamt dêrby jit Castoldi syn Balletten ... Met drie stemmen (1650?), dêr't in Periosta-wize yn foarkomt, dy't komponearre is troch in Isaacides. Hjir moatte wy effen in oantekening by sette. Jansen stelt de útjefte freegjendewei yn 1650, mar *Die Musik yn Geschichte und Gegenwart,* dl X, jowt foar de útjefte "By Paulus Matthysz in de Stoof-steegh, dy't Jansen neamt, it jiertal 1641, hwat yn dit forbân net sûnder bitsjutting liket to wêzen. It is allinne de frage: is dit krekt? De Muzykbibleteek fan Amsterdam hat trije útjeften fan Castoldi (lês Gastoldi) syn balletten op trije stimmen, ien fan 1628 (Amst. Willem Jansz Wijngaert), ien fan 1641 (Rott. Wed. Matthijs Bastiaensz) en ien, s.j. By Paulus Matthysz in de Stoof-steegh. Hawwe de Dútskers nûmer twa en trije troch inoar helle?

Mar hjirmei ha wy it tal fersen, dat nei Periosta forwiist en dus deselde bou hat as Hoofts dicht noch net hawn. Ek Jan Soet, in dichter, dy't yn forbân mei Tjesck-moars see-aengste neamd is, hat deselde strofe brûkt. Yn syn bondel *Maagden-baak* (Amsterdam 1641)[8] fine wy in fers, dat bigjint mei de gjalp O Doris' die myn ziel soo quijnt en quelt'. It hat eigenskip om dêr de foarste strofe fan oan to heljen:

O Doris! die mijn ziel soo quijnt en quelt
Ghelijck beulin, belust op wraeck en moort,
En spits, en bits u als ghewapent stelt
Om mijn gheluck to stooten buyten boort,
In diepe zee van allerhande druck,
Soo haest ick kniel of voor u nederbuck.

De bondel is, lyk as sein waerd, út 1641. Reontse Ljeafdegal sil wol út in letter tiid wêze. Gysbert kin Soets fers ûnder 'e eagen hawn hawwe, ear't er sines skreau. Opfallend is grif, dat Soet yn syn foarste strofe in gelikens klankeffekt brûkt as Gysbert: spits en bits, biet in spliet, it liket aerdich op inoar. Fierders lykwols is tusken de fersen net folle oerienkomst to finen, al is de toan wol sahwat deselde. Soet is soms like pathétysk as Gysbert. In bilangryk ûnderskie mei him is, dat Soets fers in didaktyske bidoeling hat. Doris bliuwt dôf foar de klacht fan de ljeaver, omdat se har âlden hearrich wêze wol, om't se nei "âldersrie" harket: "Myn sinnen zyn gekneet In het

behaegh der Oudren op wiens raet Ick rust en schoor en stut uw' losse praet".

De bikende Amsterdammer dichter Jan Harmansz Krul, smid fan syn affearen, hat trije kear in Periostafers skreaun. Twa dêrfan steane yn syn *Amstelsche linde,* in bondel, dy't de yn 1602 berne skriuwer, yn 1627 yn 't ljocht joech en dy't efter syn *Wereldt-hatende Noodtsaeckelijck* ôfprinte is. It twadde fan dy Periostafersen bigjint sa:

Ha Vyandin'. die lust in 't moorden schept,
Met pijnen wreedt te martelen mijn hert:
Ist (o Goddin!) dat ghy daer lust in hebt,
Soo is u vreught mijn onverdiende smert:
Ick offer op de traanen, die ’t gemoet
(Gelijck een stroom) door d'ooghen vloeyen doet.

Ick bigghel uyt een bracke tranens-vloed, . . .

Litte jin de lêste trije rigels net in bytsje oan Reonts tinke, dy't oan 'e ein fan Gysberts foarste strofe, ek sa ôfgryslik skrieme moat? Forl.:

Siet Reonts oon' Strân, in wâlde' uwt herte-kolck,
Yen triene-gjealp; dy lanz her wangen del
Roon, wiet in hiet; in biet in spliet her fel.

Wy notearje fierder dat Krul it wurd gemoet brûkt, dat ek yn Gysberts fers foarkomt. Yn 'e oanhelle strofe lit er it rymkje op "doet", mar yn it fjirde kûplet fine wy it rym ghemoedt-Bloedt, dat Gysbert yn syn tred kûplet hantearret: "O Friesche! koe'k mijn trienen ijn dijn bloed Trog mingje 'k wit ick recke dijn gemoed!" Krul hat:

Beweeght door trou in mijn oprecht ghemoedt
Dat om u dienst opoffert lijf en bloedt.

Hiel hwat oars!

En doch binne der oanwizingen, dat Gysbert de Amstelsche linde of in lettere bondel fan de Amsterdammer, dy't syn âlder wurk hyltyd op 'e nij printsje liet, kend hat. Krul lit yn syn 'Laet u teere Telghjes buygen' (Stemme: Si ceste malheureuse), in bikoarlik lietsje - mar skreau er ek net it sierlike 'Vlieght snelle winden haest voor heen Na Charileen', dat Victor van Vriesland yn syn bikende karlêzing opnommen hat? - triennen en bloed meiinoar gearrinne:

Wanneer zy de saghte treedtjes
Herwaerts heene stiert,
Met haer fiere flucxse leedtjes
Door de Lommer swiert:
Stort van u blaen
Dan al 't ghetraen
Dat ghy (o Telghjes) hebt gelaen.

Druypt saghjes op haer roode kaecken
Dringht in haer ghemoedt
Glijt soetjes van de gladde daecken,
Menght u in haar bloedt:...

Wy hawwe hjir ek wer - op himsels in ûnbitsjuttend détail - it rym 'bloedt-ghemoedt', mar tichter, gâns tichter, komme de dichters oerien yn it folgjende gefal. Yn syn *Minnelycke Sangh-rympies* fan 1634, dêr't ek de beide bisprutsen ferskes yn steane, hat Krul, op s. 94, in, dizkear nei myn bitinken minder slagge fers opnommen, dat er de titel jown hat 'Cypriaens Minne-klacht aen Rosemondt' en dat er twa jier earder al printsje litten hie yn syn toanielstik *Roosemondt en Raniclis*, Amst. voor Cornelis Houthaeck, 1632. Cypriaen klaget:

Vliedt heen droeve suchjes
Na myn Rosemondt, wiens hertje brandt (eylaes!) van soete minne,
Venus uwe vruchjes
Wortelt ghy in 't hert van myn verliefde lieve moorderinne
Droeve traentjes mocht ick u mengen in haer bloedt,
Rosemond' ick weet , , mijn smert, mijn leet
Beweeghden u ghemoedt.

De lêste rigels komme dochs wol tige ticht by:

O Friesche! koe 'k myn trienen ijn dijn bloed
Trog-mingje 'k wit ick recke dijn gemoed.

En Krul syn 'Vliedt heen droeve suchjes' - yn syn twadde strofe smeekt er jitris: 'Vlieght ten Hemel droevige suchjes' - fynt men likernôch werom yn Gysberts 'Fljueg hinne' oer-drovig suchtjen sonder eyn', syn 'Ach! hoe ken ick leven...' (strofe 3) yn Gysbert syn 'Ho schoe ick libbje' 'k fiel dijn hert in sin...'

Ik leau, it is de baes, dat ik fan Kruls 'Minne-klacht', dy't mar trije strofen lang is, ek de beide folgjende oanhelje:

2. Maer wat ist ô Goden
Oft ick klaghjes, traentjes, suchjes offer aen myn Rosemonde
Ghy (door u gheboden)
Hebt haer in de Min met trous beloften waerdiger verbonde
Vlieght ten Hemel droevige suchjes, tuyght aen de Goon,
Dat ick om de Min , , van myn Goddin
Moet sterven duysent doon.

3. Ach' hoe ken ick leven?
Als ic (Rosemond) bedenck hoe ghy in lusjes van de minne
Sult ten offer geven
Lipjes, Borsjes, Hertje, Zieltje, ja u selfs Aerdsch Godinne
Droeve gedachjes sullen myn tuyghen wat u geschiet
Lieve minnevreucht, de lent mijn's jeucht
Moet smooren in verdriet.

It falt jin jit op, dat Krul de Goaden oanropt en Gysbert it oer de wil fan de Goaden hat: 'De Goden habbet, ljeaf, (och) doz forsjoen' ... Hja hawwe de ûntrouwe Friesche syn falske Meeremin jown. Krul hat:

Vlieght ten Hemel, droevige suchjes, tuyght aen de Goon
Dat ick om de Min , , van myn Godin
Moet sterven duysent doon.

Wylst Gysbert oan 'e ein fan syn fjirde strofe skriuwt:

Ick rop, ick rop oone' Hijmmel in bejear
Sijn tjuwg, ljeaf, dat ick om dijn ljeafde stear.

It leit my sa by, dat Gysbert de sjongrymkes fan syn Amsterdamske kunstbroer kend hat! Kruls foarst Periosta-fers, dat bigjint mei de rigel: 'Grucella, die gekroonde tepels tooght' (Amstelsche Linde, Amst. 1627, fol. 222) leveret yn forbân mei Reontse Ljeafde-gal lykwols neat op en soks kin ek sein wurde fan it ta deselde famylje hearrende fers: O snelle beeck, o kristallijne vliedt, dat ik foun yn Krul syn *Minne-popiens,* ek yn Amsterdam útkommen, s.j. [1639].

Yn it by Jansen neamde musykboek fan G. Giac. Castoldi, Balletten ... Met drie stemmen[9] fine wy as tekst by R. Isaacides Perioste it fers 'Aen d'ydle Rust-zoeckers'. It bistiet út trije strofen, dêr't ik de earste fan oanhelje:

DIe met verdriet. Hier in dit droeve dal,
Al hyght en slaaft en eens te vinden hoopt,
't Geen hy tot Lust en Rust behoeven sal,
Bevindt dat hy met d'onbesinden loopt,
En wert gewaar na veel verdragen pijn,
Dat al zijn vreugt sal bitter klagen zijn.

Merkt de lêzer op, dat dy wurden jin net botte ballettich oankomme, dan hat er gelyk. Mar de Hollânske útjeften fan Castoldi (lês Gastoldi) syn balletten, dy't to Amsterdam it ljocht seagen wiene al in bytsje oars as de oarspronklike: de frivole Italjaenske teksten wiene omset yn braef-godstsjinstige. Yn it foarop-wurd fan in eardere útjefte fan dy tige populaire stikken (Amsterdam 1628) lêze wy:

Aen de Musicanten.

BEminde deucht ende konst-liefhebbende Sanghers, wy presenteren u.l. alhier de Balletten, eertijdts ghecomponeert by den vermaerden Musicien GIACOMO/ CASTOLDI, met drie partyen, in Italiaenschen Dichte (welck Ghedicht gemeenlijck niet seer stichtende is, principalijck voor de jonge Ieucht, by welcke dese Boecken veel gebruyct worden, ende by velen oock niet verstaen).... Ende zijn met Geestelijcke Gesangen geset door den Eerw. Heer H.V."

Yn sa'n bihoffene bondel koe in kristlik fers as Aen

d'ydele Rustzoeckers - skreaun neffens de (in?) Periosta-meldij - ek troch de Eerw. Heer H.V.? - moai in plakje fine. R. Isaacides sil dan de komponist wêze, dy't Hoofts fers op muzyk hat. Nei wierskyn hat er mar in tige lyts mantsje west. Der is alteast neat fan him bikend, al is it net útsletten dat troch neijer ûndersiik ien en oar oer him boppe wetter komt.

Ik leau nou sahwat ta de folgjende ûnderstellings komme to meijen. Hooft hat syn fers, dêr't er 'Sang' boppe sette, mûglik neffens in Ingelsk model skreaun. Syn foarbyld kin sawol in lês- as in sjongfers west hawwe - fan beide skiften wie der in rom forskaet - mar sjoen de oantsjutting Sang, dy't er brûkte, hat it dochs mear eigenskip, tinkt my, dat syn Periosta ynspirearre is troch in sjongfers, in liet. Ingelske meldijen wiene yn 'e Lege Lannen grif bikend; ek Hooft hat der guon fan brûkt, en Stoett (o.w., s. LXXIX) merkt dêroer op, dat dy hjirre bikend wurde koene troch keaplju, troch de ofsieren en soldaten fan Leicester, troch de dissenters, dy't nei Leijen en Frjentsjer oerstieken en troch de Ingelske toanielspylders, dy't ús kontreijen bisochten. Mar dat nimt net wei, dat Hoofts foar Anna Spieghel ornearre fers letter in Isaacides en mûglik wol oare komponisten ynspirearre hat. Al foar 1625 wie it dicht yn alle gefallen mei in wize - it sij mei Isaacides sinen, itsij mei in oarenien - forboun: yn dat jier forwiist Vondels 'Wijckzang' ommers nei de "stemme Periosta".

Fierder mien ik, dat der reden is om oan to nimmen dat Gysbert Jan Soett syn Periosta-sang, dy't wy yn 'e Maagdenbaak fine kinne, kend hat, wylst der sterke oanwizingen binne dat ús dichter op 'e hichte wie fan Kruls Amstelsche linde of lettere bondels fan sinen. Hwat de lêste dichter oanbilanget soe ik jit wize wolle op in utering fan Kalff yn syn *Geschiedenis der Nederlandsche letterkunde,* Gron. 1909. Op s. 509 fan diel fjouwer lêst men dêr: "vele van zijn (d.i. Gysbert Japiks') Friesche liederen zijn gesteld op een Hollandsche voys: soms ook wordt een lied van Hooft en Krul genoemd", mar dy rigels hawwe foar de Gysbert-studinten yn Fryslân, sa goed ik wit, nea in oantrûn west om op 'e forhâlding tusken beide dichters neijer yn to gean. Miskien sil fierdere stúdzje yn dy rjuchting mear oan 't ljocht bringe. Yn 'e fierte bisibbe mei Reontse leafde-gal is bygelyks ek in fers yn 'e ôfdieling 'Minnelyke Zangrymen' fan Kruls *Papiere Wereld* (Amst.1644, s. 49), dat de titel hat: 'Minnetranen Gestort door een Iufvrouw, over de ontrouw van haer Minnaer'. It liket neat op Gysberts fers, mar it thema is itselde en ek falt op, dat Krul syn "Iufvrouw" blykber oan it strân wékleije lit: har "brakke traentjes" glide nammentlik yn 'e sé. Hwa wit hat ek dit fers yn it proses, dat ta it ûntstean fan Reontse Ljeafde-gal laet hat in rol spile; alhiel to forklearjen is de wûndere alchimy, dêr't Gysberts kunst út berne waerd, nea.

Ik kin dit stikje net bislute sûnder jitris to forwizen

nei it artikel Reontse Ljeafde-gâl en Enone kleijen yn Frysk Jierboek 1946, dêr't Dr. C. Kramer tige saekkundich yngiet op it forbân tusken Gysberts fers en Michel Guy syn mythologyske roman *Les Amours de Paris et de la Nymphe Ænone,* c.q. de forfrysking dêrfan. Efterinoar wiist er op de folgjende oerienkomsten:

1. Yn beide dichtingen soe it motyf fan de meifielende natûr foarkomme.
2. Sawol yn 'e Ljeafde-gâl as yn Paris forlittende Enone "bisjitte" de forlitten froulju en wurde se "stom".
3. Beide Reonts en Enone sprekke har suchten oan "krekt wiene it libbene persoanen".
4. Beide roppe hja de himel oan as tsjûge.
5. Beide binne hja 't libben sêd: Enone' triennen oertsjûgen Paris, dat "jae buwtte Him, naet libbje koe", wylst Reonts útropt "Ho schoe ick libbje?"
6. Beide winskje hja om to stjerren (Enone: "Graef, wol biminne graef", ensfh., Reonts: "O 't tsjuester graef myn winsch‘! 't ljeacht bin ick sed").

It sil dúdlik wêze dat ik forskate fan dy oerienkomsten leaver forklearje wol troch de ynfloed fan Krul, as troch ynfloed fan Michel Guy syn roman. Dat klassike ynfloed ek yn dit fers in rol spilet wol ik fansels net ûntstride. Kramer hat der op wiisd, dat Reonts susters hie yn 'e Aldheit: Dido dy't troch Aeneas forlitten waerd, Ariadne, dy't Theseus misse moast en Enone, dy't efterbleau, om't Paris har yn 'e steek liet. Der bin sels wol mear fan dy "prinsessen", dy't itselde lot ûndergean moasten. Diana bygelyks, dy't Krul bisong yn in fers titele 'Dianaes minne-sughten Over 't Verlies van haer kuysheydt'. It motyf fan de forlitten frou, dy't kleijend en skriemend en de dea ynroppend oan 'e sé-igge efterbleau hat tige yn trek west.

Bûtenpost *G.N. Visser*

NOATEN:

1. Dr. C. Kramer, Reontse Ljeafde-gâl en Enone kleijen, yn: Frysk Jierboek 1946, s. 120 ff.
2. Gedichten van P.C. Hooft. Volledige uitgave door Dr. F. Stoett. Tweede geheel herziene, opnieuw bewerkte en vermeerderde druk van de uitgave van P. Leendertz Wz. Amsterdam, P.N. van Kampen en Zoon, 1899/1900.
3. Francis Davison's Poetical Rhapsody, ed. A.H. Bullen, London 1890-91.
4. England's Helicon, ed. H.E. Rollins, Cambridge, Mass. 1935.
5. The Works of Thomas Deloney, ed. Francis Oscar Mann, Oxford 1912, s. 78.

6. Albert Wesselski, Angelo Polizianos Tagebuch (1477-1479) mit vierhundert Schwänken und Schnurren aus den Tagen Lorenzos des Groszmächtigen und seiner Vorfahren. Jena, Eugen Diederichs 1929, s. XXXII.
7. Tottel's Miscellany, (1557-1587), ed. H.E. Rollins, Cambridge, Mass. 1928-29.
8. Jan Soet, Maagden-baak, voorgestelt In Minnelijcke Leer-beeltjes vast gemaakt door verscheyden Historien en vreemde gheschiedenissen. Als mede eenighe Soete Sangvaersjes gedaen door Jan Soet. t'Amsteldam by Broer Jansz, voor Jan Jacobsz Schipper. Anno 1641.
9. G. Giac. Castoldi, Balletten, Lustigh om te zingen, en speelen, Met drie stemmen. Op nieuws verciert met een nieuwe ALT, ofte vierde Partye, ... Hier zyn noch achter by gevoeght de vyf Carileenen, op de vyf Zinnen gerymt, en op 4 stemmen. Gestelt door Jacobus Haffner... Als mede Perioste, en O zaligh heyligh Bethlehem. t'Amstelredam, By Paulus Matthysz. in de Stoof-steegh, in 't Musyckboeck ..., s. jr.